

Yn it spoar fan Hieke Hornstra

lis en moai waar

It wie iis en moai waar en de baan wie fol folk, is in klassiker út It Frysk Lieteboek. Noch sa'n ien: it wie sierlik waar en winter. It liket fier fuort dit jier, klearebarre hjerst as ik nei bûten sjoch. Skande foar in doarp as Wikel, want wês earlik, der is gjin inkeld plak yn de Súdwesthoeke dat sa stevich op redens stiet as Wikel. Balk mei dan wat eptich wêze, Sleat mei himsels stêd neame, mar efter gjin inkele dielnimmer yn Sotsji stiet Balk of Sleat, mar wol Wikel. Just jawol: Marrit Leenstra. No ja, sil men sizze, dat is mar ien. Mis, wy ha noch immen dy't Olympysk yn de baan west hat. Jappie van Dijk yn 1972 yn Sapporo. Wie hy op de 500 meter ek noch justjes better as Ard Schenk dy't dêr trije gouden medaljes wûn hat. Atsje Keulen-Deelstra pakte ek trije 'plakken'. Dyselde Atsje spile ek noch yn Stânfries kuorbal en ferlear doe fan DTG. It wie it tredde tolvetal fan Stânfries, mar 'dat terzijde'.

Dat Wikel sa'n foaroansteand plak yn it reedriden krigen hat, hawwe oan ússels te tankjen, dat wol sizze: oan de iisklub Van Coehoorn. Wy ha mei ôfstân de moaiste iisbaan fan Fryslân. Dy waard yn 1950 iepene troch Ulkje Swart, mar ein febrewaris – doe al, no? – 1948 waard der al op hurdriden, dat wol sizze: ringrijderij voor paren. Yke Swart en Hinkje van der Land waarden earste en krigen *f*10, Willem Feenstra en Jantsje Swart, twadde (*f*7), Mainze Feenstra en Aukje Veltman, treds (*f*5) en Douwe Feenstra en Jeltsje de Jong fjirde (*f* 3). As in jier nei de iepening yn Wikel it kampioenskip fan Gaasterlân foar manlju hâlden wurdt komt Auke Swart as winner foar it ljocht. Germ Strampel – in 'alleskunner'- wurdt twadde.

Sa linkendewei wurdt Wikel ûntdekt troch de cracks fan de koarte baan: Martha Wieringa, Tine de Vries, Rina Kooi, Gooitske de Jong, Antje Sytema en gean samar troch. Kerst Koopmans is de starter en ik hear him noch roppen: klaar....los....ho. Jo koenen tot ferfelens ta starte, want op in falske start stie gjin sanksje.

It duorret in amerij eart der wer pleatslik talint boppedriuw. Siepie Lootsma, de muoike fan Freddy Visser, wint ein 1961 yn Wikel in frouljusriderij. Yn dy tiid is ek Gerrit Leffertstra aktyf. Sieb Kiestra en ik hienen ek alris in pryske wûn en doe't wy fan junioaren manlju wurden wienen moastst it marris heve yn Dolsterhuzen. Wy nei it kafee fan Wind om ús yn te skriuwen. 'Meie wy de list ek even sjen'? fregen wy de kastlein. No, dat mocht. Wy sjen en sizze: 'Dat wurdt dus neat hjoed'. Seit de kastlein: 'Wa't soks seit moatte jo yn de gaten hâlde. Sieb en ik der yn de earste omloop ôf. 'Wolter Jetten maakte korte metten met de man uit Wyckel.' Dat wie ik dus. Gerrit oerlibbe de earste omloop en dat soe net syn lêste sukses wêze.

Ut de Ljouwter Krante fan 27 desimber 1961 oer de riderij op Spannenburch wer't yn de earste omloop net folle te belibjen wie: 'Dat ging in de tweede omloop totaal anders. Daarin moest Bauke Heidstra (Westereen. Red.) de strijd aanbinden met Gerrit Leffertstra. Leffertstra, die in militaire dienst is, dwong de voetballer-schaatsenrijder Heidstra tot een grote krachtsinspanning. In de eerste rit zegevierde Bauke met gering verschil, maar in de tweede rit werd hij op de streep door Leffertstra geslagen. In die rit had Leffertstra alles van zijn krachten geveegd, waardoor de beslissende derde rit gemakkelijk door Heidstra werd gewonnen.' Gerrit waard fjirde, gie mei *f* 10 nei hûs en dat wie tsien kear de 'dagwedde' fan in soldaat. Der moatte grif ek noch moaie foto's wêze fan it beljeijen op de Wikeler baan. Man en frou yn Frysk kostúm yn de slide en de hege beammen tsjok yn de ryp. In hichtepunt, alteast yn myn beleving, wie it optreden fan in groep keunstriders út Hollân. Der waard middeis in part fan de baan ôfsletten mei tou, de skraber kaam deroer en doe setten Yke Swart en syn mannen dat diel ûnder in hiel licht flinterke waarm wetter. Dat makke dat alle rimpels en snierêsten taaiden en dernei prachtich glêd opfrearen. De Hollanders wiene optein oer de baan. Sa seagen se it nergens.

It waard in jûn mei 'iis en moai waar en de baan wie fol folk'.

Willem Stegenga